

Nijsbledsje jiergong 8 nr 2

Jimme hawwe fêst al de bylden fan SBS6 sjoen oer de FlyPast yn de Alde Feanen. Wat geweldich dat safolle âlders der wiene om mei harren bern der by te wêzen. Wy wolle jimme dêr hiel hertlik foar tankje. Ik haw noch efkes kontakt hân mei Omrop Fryslân dy't net goed op de hichte wie en neamden dat de skoalle fan Wergea ynstee fan de skoalle fan Earnewâld der by wie. It spyt harren tige dat se dit fersin makken.

Nijs fan de direksje:

Justerjûn haw ik it bestjoer op de hichte brocht fan myn doel om op 1 augustus 2018 te stopjen mei myn wurk op de Master Frankeskoalle. Ik haw dêr lang oer nei tocht om't de minsken (bern, kollega's, âlders) fan de Master Frankeskoalle my hiel nei oan it hert lizze.

De kar om te genietsjen fan de bernsbern en myn âlders te stypjen no't it allegearre net sa maklik mear giet, haw ik dien mei myn hert. Tidens de burnout haw ik fernommen dat der grinzen binne oan wat ik oan kin. Ik merk dat it tefolle foar my is, as ik beide goed dwaan wol. Dit skoaljier hoopje ik mei in soad nocht ôf te meitsjen. Ik hoopje dat jimme hjir begrip foar hawwe.

Nijs oer de staking:

Moarn (tongersdei 5 oktober) sil der op in hiel soad skoallen staakt wurde. Sawat 90% fan de learkrêften yn it primair ûnderwiis staken foar in legere wurklêst en mear salaris. De learkrêften fan de Master Frankeskoalle sille moarn nei in manifestaasje yn Grins. De bern binne frij.

Aksje foar Oeganda:

Fannemoarn hat Sietske Hoekstra ferteld oer it doel fan de aksje dy't we dit jier yn gearwurking mei de tsjerken fan Earnewâld hâlde foar de bou fan in skoalle yn Oeganda. In groep fan fjouwer mannen is in wike by Sietske útfanhûs en sy besykje ferskillende skoallen. Op **woansdei 18 oktober** komme se by ús op skoalle om workshops te jaan (mei de bern sjonge, dûnsje en trommelje). Wy biede dan it jildbedrach oan dat de bern byelkoar sparre hawwe. Nei skoaltiid is der dan in lytse merke ynrjochte dêr't spullen út Oeganda (sieraden etc) te keap binne. Jimme wurde útnoege om yn skoalle te kommen (**14.00 oere**) en efkes by de kream lâns te gean. Nim freonen en bekenden mar mei!

De bern fan de ûnderbou hawwe hjoed in kaart krigen wêrop as se foar de aksje "Een heitje voor een karweitje" dwaan kinne. Troch klusjes foar âlders, paken en beppen, buorlju ensafierder te dwaan kinne se jild ynsammelje foar de bou fan in skoalle yn Oeganda.

De bern fan midden- en boppebou hawwe hjoed in **pûdsje krigen mei in "talent" (2 euro munt)**. It is de bedoeling dat se dit "talent" ynsette as in "topondernemer" en besykje om dit te fermearderjen. Se meije sels betinke hoe. We hawwe it der op skoalle oer hân hoe't se dat dwaan kinne. Wy hoopje fansels op in hiele goede en moaie opbringt foar dit projekt. De bern krije de tiid **oant en mei 16 oktober** om dit te dwaan en kinne it jild dan op **tiisdei 17 oktober** mei nei skoalle nimme. Op woansdei 18 oktober as de minsken út Oeganda hjir binne, biede we it ynsammele jild oan.

Saaklike âlderjûn:

Op **tiisdeijûn 21 novimber** hâldt it bestjoer de m.r. en âlderrie jûns om 20.00 oere wer in saaklike âlderjûn. Jimme krije it jierferslach en de finânsjele ferslagen wol op de mail en ek hearre jimme noch wat we nei it skoft dwaan sille. Hâldt dizze jûn frij yn de agenda!

Lúzen:

We dogge alle war om sa gau mogglik fan de lúzen ôf te kommen. It lúzetiim hâldt ekstra ynspeksjes oant we ferlost binne fan de kriebelbeestjes. Bliuwe jimme sels ek kontrolearjen?

Berneboekewike:

Oankommende freed sette we út ein mei de berneboekewike. Groepstrochbrekkend sille de bern in “Gruffalo speurtocht” mei ferskillende opjeften troch de skoalle dwaan. Dat sil fêst hiel gesellich wêze. Ek sil der in foarlêswedstryd hâlden wurde. Ik bin benijd wa’t it moaiste foarlêze kin op ús skoalle. Mooglik kin dizze winner mei dwaan oan in regionale foarlêswedstryd.

Op **tongersdei 19 oktober** binne âlders en belangstellenden **fan 16.30 oant 17.30** oere fan herte wolkom yn skoalle om de berneboekewike mei de bern ôf te slúten.

Mochten der noch fragen wêze dan hear ik dat graach!

Hertlike groetnissen,

Anke

Tiisdeis, woansdeis en tongersdeis: tel: 539509

Info@frankeskoalle.nl